

- Kooi, J. van der (ed.) (1972), *Frysk út 'e 17de en 18de ieu.* Oanfollingen II. Estrikken 45. Grins
- OFO = P. Sipma (ed.) (1927), *Oudfriesche oorkonden I.* 's-Gravenhage
- Oosterhout, M. (1963), Ta it forstean fan de Aldfryske oorkonden 18. *Suwa en Scattem?, Us Wurk* 12, 52-59
- Postma, G., en P. de Clercq (1904), *Lytse Fryske spraekleare it Westerlauwersk om 1900 hinne oangeande.* Ljouwert
- Siebs, Theodor (1889), *Zur geschichte der Englisch-Friesischen sprache I.* Halle a/S.
- Sipma, P. (1913, repr. 1966), *Phonology & Grammar of Modern West Frisian with phonetic texts and glossary.* Ljouwert
- Sipma, P. (1949), *Ta it Frysk III.* Ljouwert
- Spenter, A. (1968) *Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart.* Kopenhagen
- Sytstra, O.H., en J.J. Hof (1925), *Nieuwe Friesche spraakkunst met idiomatische woordenlijst.* Leeuwarden
- Sytstra, H.S. (1856), *Klank- en Schrifteleer der Friesche taal, of eerste afdeeling der Friesche spraakkunst.* Leeuwarden
- Tiersma, Pieter Meijes (1985), *Frisian Reference Grammar.* Dordrecht/Cinnaminson
- Visser, Willem (1989), Oer it ynfoegjen fan *-n-* by sterke tiidwurden, *TFT* 5, 73-92
- Vries, O. (ed.) (1987), *Fryske almenakstikken út de 18de en it begjin fan de 19de ieu.* Grins/Groningen
- Woude, G. van der (1981), *Frjemd wurdt eigen I. Learboek foar it oanlearen fan it Frysk.* Ljouwert

## Typologyen fan nomenynkorporaasje en it Frysk

Siebren Dyk

Yn Dyk (1992a) en (1992b) haw ik besocht om oannimlik te meitsjen, dat der yn it Frysk nomenynkorporaasje bestiet. It giet dêrby om it ferskynsel, dat in tiidwurd en in argumint gearrane ta ien morfologysk kompleks. Foarbylden binne formaasjes as *stikjeskriuwe*, *ierappeldolle*, *bierdrinke*, en folle net genôch.

Hoewol't yn West-Jerope it Frysk mei ditsoarte fan wurdfoarming der frijwat út liket te kypjen, komt nomenynkorporaasje yn gâns talen op 'e wrâld foar. Ien fan 'e nijsgjirrige dingen is dêrby, dat it ferskynsel him net altiten op in gelikense wize oppenearret. Ut 'e literatuer wei binne my twa lju bekend dy't besocht ha om de ûnderskate manifestaasjes fan nomenynkorporaasje neier yn kaart te bringen en yn te dielen. Ik woe yn dit stikje ris besjen hoe't de Fryske nomenynkorporaasje yn dy yndielings yn te passen is. It sil bliken dwaan, dat dêr oare fragen efterwei komme, dy't yn dit stikje op 'en heechsten even oanstipt wurde kinne. Mar dêr is it dan ek in tsjilling foar.

Ik woe mei de meast resinte yndieling begjinne, want dy is de ienfâldichste. Rosen (1989) ûnderskaat op grammatikale grûnen twa typen. Wêr't it om draait, is, oft der al of net bûten it komplekse tiidwurd in selsstannige NP bestiet dy't semantysk relatearre wurde moat oan it ynkorporearre nomen. Omdat dat nomen altyd in algemiener ynhâld hat as de eksterne NP, betitelet Rosen dy fariant as "Classifier NI" [= noun incorporation, S.D.]. Krusjaal by dit type is, dat de argumintstruktuer fan it tiidwurd nei ynkorporaasje net feroaret: transitive tiidwurden bliuwe transityf. De eksterne NP kin him yn ûnderskate foarms oppenearje: as gewoane, folsleine NP, of rudimintêr mei allinnich determinearders en/of modifisearders, mar sûnder iepentlik nomen. Baker (1988) analysearret sokke NP's as in manifestaasje fan dûbeljen respektyflik strânjen, en sjocht se as in stipe foar syn idee dat nomenynkorporaasje opfette wurde moat as in syntaktyske ferpleatsingsoperaasje. Foarbylden fan dûbeljen en strânjen binne (1) (út it Tuscarora) en (2) (Mohawk), respektyflik Rosen har (16) en (5). Ik nim yn dit stikje fierders foar it gemak de glossen en oersettings oer sa't ik se yn 'e literatuer tsjinkaam bin; de ôfkoartings yn kaptalen tsjutte affiksen of partikels oan:

- (1) ne-hra-taskw-ahkw-ha<sup>?</sup> ha<sup>?</sup> tsi:r  
 du-M-animal-pick.up-SERIAL EMPH dog  
 'He picks up domestic animals' (He is a dog catcher)
- (2) Kanekwarúnyu wa<sup>?</sup>-k-akya<sup>?</sup>tawi<sup>?</sup>tsher-ú:ni  
 3N. dotted. DIST PAST-Isg.3N-dress-make  
 'I made a polka-dotted dress'

At wy ús omtinken ferpleatse nei it Frysk, dan docht al gau bliken dat dy taal net ûnder it hjir besprutsen type falle kin. Konstruearre foarbylden mei dûbeljen (3) of strânjjen (4/5) binne ûngrammatikaal:

- (3) \*Doede woe dy grouwe hazze graach wyldsjitte  
 (4) \*Doede woe dy grouwe graach hazzesjitte  
 (5) \*Doede woe dy graach hazzesjitte

Utsoarte moat it Frysk dan wol falle yn it oare type. Dat wurdt troch Rosen beskôge as it produkt fan in leksikale gearsetting fan in nomen mei in tiidwurd, en kriget fan har sadwaande de namme mei fan "Compound NI". Ien fan 'e arguminten wurdt dêrby befredige binnen it tiidwurd, en dat makket dat der in yntransityf tiidwurd ûntstiet. By dat type nomenynkorporaasje feroaret de argumintstruktuer dus al. Oan 'e ûngrammatikaliteit fan (3) is ôf te lêzen dat it Frysk dêr yndied ûnder falle moat.

In oare en wiidweidiger yndieling is Mithun (1984) harres, dy't der ek pragmatyske faktors yn behellet. Hja ûnderskaat fjouwer typen. Har yndieling is lykwols net inkeld taksonomysk, omt se ûnderstelt dat der tusken de ûnderskate typen in opgeande line bestiet, en dat se yn in ymplikasjonele relaasje ta inoar steane. Dat hâldt hjir yn, dat at in taal, sis, type II ta syn foldwaan hat, dat dan type I ek yn dy taal foarkomt. It omkearde hoecht net it gefal te wêzen. In taal mei type IV hat dus ek de trije oare typen. Dy ymplikasjonele oardering kriget by Mithun boppedat in histoaryske diminsje: in type mei in heger nûmer soe ûntstien wêze út it type mei ien nûmer leger. Talen soene alsa fan elkoar ferskille kinne omdat de ûntjouwing by de iene taal earder stûkje koe as by de oare.

Type I wurdt troch Mithun "lexical compounding" neamd. It nomen hat gjin aparte syntaktyske status mear, en foarmet mei it tiidwurd ien yntransityf morfologysk kompleks. Soks kin ôfnommen wurde út 'e pleatsing fan klitiks of bywurden, of oan it foarkommen fan ôfwikende aspektuele affiksen. Ik jou as foarbyld Mithun har (7), út it Kusaien, dêr't yn 'e b-sin in bywurd net mear tusken tiidwurd en objekt stean kin:

- (6) a. Sah el twem upac mitmit sac  
 Sah he sharpen diligently knife the  
 'Sah is sharpening the knife diligently'
- b. Sah el twetwe mitmit upac  
 Sah he sharpen knife diligently  
 'Sah is diligently knife-sharpening'

Type II hjit by Mithun "the manipulation of case", en hat gefolgen foar de struktuer fan 'e hiele sin. It plak fan it ynkorparearre argumint wurdt dêrby nammentlik ynnaam troch wat Mithun in oblyk argumint neamt, almeast in Ynstrumint, Lokaasje of Possessor. Dy "promovearret" alsa ta it direkt objekt fan it nije komplekse tiidwurd. Yn it foarbyld hjirûnder út it Yucatec, Mithun har (49), giet it om in plakbepaling:

- (7) a. k-in-č'ak-ø-k č'e' ič'il in-kool  
 INCOMP-I-chop-it-IMPF tree in my-cornfield  
 'I chop the tree in my cornfield'
- b. k-in-č'ak-č'e'-t-ik in-kool  
 INCOMP-I-chop-tree-TR-IMPF my-cornfield  
 'I clear my cornfield'

Type III hat effekten dy't boppe dy fan 'e singrammatika útgeane; Mithun hat it hjirre oer "the manipulation of discourse structure". Nomenynkorporaasje wurdt dêrby tapast by al bekende ynformaasje. It effekt is, dat de syntaktysk frije frazen krekt op 'e foargrûn komme te stean. At yn 'e troch Mithun ûnder (69) prissentearre tekst út it Koryak in walfisk yntrodusearre wurdt, bart dat yn in frije syntaktyske fraze. Stiet it bist net mear yn fokus, dan blykt er ynkorparearre te wurden. Yn 'e oersetting komt út dat yn in taal as it Ingelsk soks mei help fan pronominalisearring bewurkmastere wurdt:

- (8) wítču iññūin yūñī qulaivun. mal-yūñī.  
 this.time.only such whale it.comes good-whale  
 ga-yuñiy-upényllenau  
 they-whale-attacked  
 'This is the first time that such a whale has come near us. It is a good one (whale). They attacked it (the whale)'

By it fjirde en "heechste" type dat troch Mithun ûnderskaat wurdt, is it ynkorparearre nomen semantysk ferbûn mei in selsstannige NP bûten it tiidwurdkompleks, dy't dan foar de referinsje soarget. It ynkorparearre nomen hat

in algemiener ynhâld as dy fan 'e NP derbûten, wat Mithun oanlieding jout om type IV "classification noun incorporation" te neamen, en yndied, dit type komt oerien mei Rosen har "classifiser NI". Foar foarbylden ferwiis ik dan ek nei (1) en (2).

No't wy Mithun har yndieling yn it koart behannele hawwe, komt fansels de frage, hoe't de Fryske nomenynkorporaasje dêr yn past. Type I moat gjin probleem wêze: at in taal nomenynkorporaasje sjen lit, dan soe neffens Mithun har teory dy taal ek automatysk it foldwaan hawwe moatte oer de earste trime. De testen dy't se neamt, binne lang net allegearre tapasber op it Frysk, mar eigenskippen as dat der tusken ynkorporearre nomen en tiidwurd gjin bywurd mear stean mei, en dat it komplekse tiidwurd fungearret as in yntransityf predikaat, komme yndied kreas út:

- (9) \*Heit wol jerappel hjoed dolle  
 (10) \*De perfester autohimmele alle sneonen har Golfke

Sjoch fierder Dyk (1992a en b) foar gâns oare en oarssoartige oanwizings.

Mar hoe figurearret it Frysk at we oan 'e oare ein fan it spektrum begjinne? Foar type IV liket it der net op, sa't oan 'e ûngrammatikaliteit fan (10) ek al ôfsjoen wurde koe, en sa't wy yn 'e behanneling fan Rosen har "classifiser NI" ek al sjen litten hawwe.

Type III rint likegoed op 'e non, sa't ek te ferwachtsjen wie, om't Mithun útfûn hat dat dat type allinne foarkomt by polysyntetyske talen dy't ferplichte pronominale affiksen hawwe dy't nei subjekten en objekten ferwize, en sa'n soarte fan taal is it Frysk no ienris net. In letterlike oersetting fan (3) smyt dan ek únsin op; krekt lykas it Ingelsk makket it Frysk gebrûk fan pronomina om al bekende ynformaasje nei de eftergrûn te triuwen.

Bliuwt oer type II, dêr't nei ynkorporaasje in oare konstituïnt it iepenfallene plak ynnimt. Hat it Frysk dat ta syn foldwaan? Dêr binne yndied oanwizings foar. Ferlykje de beide sinnen ûnder (11):

- (11) a. Ik sil him it hier knippe  
 b. Ik sil him hierknippe

Yn (11a) fungearret *it hier* as direkt objekt, en *him* as yndirekt objekt. Yn de ynkorporaasjesin (11b) is *him* lykwols in direkt objekt wurden. Dat kin sjen litten wurde oan passive farianten fan dy sinnen. By beide kin *him* dan nei foaren skood wurde. At *him* yndirekt objekt is, dan hâldt er yn dat gefal de objektsfoarm (12a); fungearret *him* as direkt objekt, dan krijt er yn 'e passive fariant de nominatyfsoarm *hij*:

- (12) a. Him sil it hier knipt wurde  
 b. Hij sil hierknipt wurde

Soartgelikense foarbylden kinne makke wurde mei oare tiidwurden dêr't in besitter mei anneks is, bygelyks mei *neilknippe* of *hierwaskje*.

Foar de talen dy't se ûndersocht hat, rapportearret Mithun dat net allinne Possessors it troch ynkorporaasje fakant wurden plak ynnimme kinne, mar ek Lokaasjes en Ynstruminten. Yn it Frysk hawwe Ynstruminten dy mooglikheid lykwols net, alteast foar safier't ik besjen kin, byg.:

- (13) a. Wy melke de skiep mei de hân  
 b. Wy skiepmelke mei de hân  
 c.\*Wy skiepmelke de hân

Mei lokaasjes liket it lykwols justjes oars te lizzen. Ferlykje bygelyks de neikommende sin fan R. Brolsma (út *It Heitelân* (1923), s. 235):

- (14) Mei syn grouwe hûd ferveskijre hy deis trije fak souder boppe it normale

Wat hjir de krekt de fariant is sûnder ynkorporaasje, is net sa gau te sizzen. Kandidaten soene wêze kinne:

- (15) Hy skijre de ferve op trije fak souder  
 (16) Hy skijre de ferve fan trije fak souder

Yn (15) hawwe wy earder te krijen mei in suvere plakbepaling, wylst yn (16) de bepaling op 'en nij in soarte fan possessive funksje liket te hawwen, al soe in boarneynterpretaasje ('fan trije fak souder ôf') dêr ek skoan kinne. Yn alle gefallen, it is dúdlik dat de bepaling yn (14) nei de ynkorporaasje it plak fan it direkt objekt ynnaam hat, en dus PP-ôf wurden is.

Ferskowing fan in Lokaasje liket foar guont faaks minder maklik te gean as ferskowing fan in Possessor, en sin (14) is ek de iennichste yn syn soarte dy't ik op skrift tsjinkaam bin. Mar ûnmooglik liket de konstruksje my net ta; foarbylden as (17) en (18) hearre my alteast ridlik akseptabel yn 'e earen:

- (17) It lytse keammerke moat noch behangplakt wurde  
 (18) Se moasten de grutte seal noch flieroanfeie

Ynkorporaasje kin ek in minder yngripend effekt op lokaasjes hawwe. De foarm

fan in ferhâldingswurdkloft bliuwt dan wol yntakt, mar de oanbelangjende PP liket al fan funksje te feroarjen. It proses kin yllustrearre wurde oan

- (19) a. Jelke leget de jiskepanne yn 'e jarrekolk  
b. Jelke jiskepanneleget yn 'e jarrekolk

De PP yn 'e jarrekolk hat yn 'e a-sin de funksje fan in rjochtingbepaling, wylst it yn 'e b-sin in suvere plakbepaling wurden liket te wêzen: Jelke stiet dan yn 'e jarrekolk en is dêr oan it jiskepanneleegjen.

Fansels komt de fraach op, wêrom oft de besprutsen funksjeferskowings no krekt mooglik binne by konstituinten dy't in besitter of in lokaasje (of by Mithun ek in ynstrumint) oantsjutte. Myn suggestje is, dat de reden socht wurde moat yn 'e eigenskip dat sokke konstituinten net ta de argumintstruktuer fan it tiidwurd hearre. Lokaasjes en Ynstruminten figurearje normaalwei as adjunkten, en it elemint *him* yn (11) heart ta de frije dativen, dy't opsjoneel binne. Opfallend is nammentlik, dat de funksjeferskowings net wolle by tiidwurden dy't ferplichte twa ynterne arguminten hawwe:

- (20) a. Swarte Pyt joech de berntsjes pipermuten  
b.\*Swarte Pyt pipernútjoech de berntsjes  
(21) a. Loltsje sette de boeken op it rim  
b.\*Loltsje boeksette op it rim  
c.\*Loltsje boeksette it rim

De argumintstruktuer liket by sokke tiidwurden troch ynkorporaasje om sa mar te sizzen te bot yn disoarder stjoerd te wurden.

In foarbyld as (21) set jin boppedat oan it twifeljen oft sin (19b) wier wol in gefal fan funksjeferskowing is. Sin (19a) kin nammentlik ek wol oars ynterpretearre wurde as dat yn earste ynstânsje yn 'e reden leit. De bepaling yn 'e jarrekolk is dan fuortendaliks al in suvere plakbepaling, en yn dat gefal wurdt der yn (19b) fansels ek neat feroare.

De konstruksjes dêr't al ferskowing mooglik is, binne oars ek bleatsteld oan beheining, want lang net alle lokaasjes of possessiven komme foar ferskowing yn 'e beneaming:

- (22) a. Hy lêst de krante yn 'e tún  
b.\*Hy krantlêst de tún  
(23) a. Hy breidet har in trui  
b.\*Hy truibreidet har

It kritearium liket te wêzen, dat de lokaasje of de besitter op himsels wol as direkt objekt by it oanbelangjende grûntiidwurd passe moat. It is no ienris útsletten dat jo in persoan breidzje of in stik grûn lêze. Oan 'e oare kant kinne jo hiel goed immen knippe (ferlykje 11b) of in romte skjirje (14). It "nije" objekt moat dus passe yn 'e seleksjemooglikheden fan it grûntiidwurd. De mooglikheden en ûnmooglikheden fan dy grûntiidwurden binne foar it neist in wichtige kaai ta in better begryp fan oare eigenskippen fan 'e Fryske nomenynkorporaasje, mar it falt bûten it bestek fan dizze tsjilling om dêr op dit plak op yn te gean. Ik hoopje dat oars earne noch ris te dwaan. Underwilens kin op dit plak al fêst konkludearre wurde, dat it Frysk in stapke fierder giet as Mithun har basistype en ek nomenynkorporaasje fan type II sjen lit. In betingst is dêrby al dat foldien wurdt oan 'e yn dit stikje neamde restriksjes.

## Literatuer

- Baker, Mark C. (1988), *Incorporation. A theory of grammatical function changing*. Chicago & London, The University of Chicago Press.
- Dyk, Siebren (1992a), 'Warum gibt es im westerlauwersschen und Föhrrer Friesischen eine Nomeninkorporation?'. Yn: Volkert F. Faltings, Alastair G.H. Walker & Ommo Wilts (bes.), *Friesische Studien I. Beiträge des Föhrrer Symposiums zur Friesischen Philologie vom 10.-11. Oktober 1991*. Odense, Odense University Press, 143-169.
- Dyk, Siebren (1992b), 'Aspekt en nomenynkorporaasje'. Yn: *Philologia Frisica anno 1990*, Ljouwert, Fryske Akademy, 49-61.
- Mithun, Marianne (1984), 'The evolution of noun incorporation', *Language* 60, 847-894.
- Rosen, Sara Thomas (1989), 'Two types of noun incorporation: a lexical analysis', *Language* 65, 294-317.